

De dêroan folgjende wenne foarst Gerben Sienema, Bouke Sienema, Durk Sienema en nou wer Gerben Sienema.

Hwer't nou in arbeidershûs stiet, wie eartiids in pleats, biwenne troch Ruurd Jans van der Berg, Meindertsma en Abe Jonker.

Dêr't Hyltsje Schoustra wenne hat wenne letter Hindrik Hemmenga, Joh. de Groot en nou Jan de Groot.

Op 'e pleats fan Durk Hjerres Hooghjemster hawwe nei him wenne Arjen Schoustra, Otto Bouma, Ype Schoustra en nou Smeding.

Op de Haniapleats hawwe trije geslachten Bouke Sienema's wenne, nou wennet Hantsje Hofstra dêr.

Dan komt de pleats dêr't Pieter Wis-ses Deelstra, Sietske Kooistra, Abe Jonker, Goatsen Deelstra, Pieter Deelstra wenne hawwe en nou Wiepke Deelstra.

Dat is in hiele rige en om fan alle-gearre hwat bisûnders to fortellen is net to dwaen.

Ik folstean der mei om oer dizze hiele krite hwat to sizzen.

Hwat de greatens fan de pleatsen oangiet is it slim om dy suver oan to jaen, mar nei ik fornommen haw, kin men wol rekkenje dat de greatste pleatsen omendebij hûndert pounsmiet binne, en de oaren sa'n foech sawntich, tachtich. Sa't wy al earder biskreaun hawwe spylje forkeapingen hjirby in greate rôlle.

Fierder wolle wy merkbite, dat de groun yn dizze oarde fan in bytsje ste-viger gehâlte is, as om Goajengerhuzen hinne. Ek hie men hjir lang en de lang net safolle to meitsjen mei it drege wurk fan dykjen, en hwat ek in great foardiel wie, men hoegde net oer it wet-ter as men hjir of dêr hinne woe.

Nei dizze útwreiding gean we fierder en komme dan oan 'e pleats hwer't Hedser Kastelein wennet. Foar him Aen Kastelein en foar dizze Jochem Aukes

van der Goot.

Sa't de âlderen ûnder ús wol witte pielden de van der Goots in bulte mei toanielspyljen. It siet de famylje yn 't bloed. Yn 'e bakkerij fan baes Popke binne forskate rôllen ynstudearre, mar datselde barde ek yn it bûthûs fan Auke Folkerts. Nou dêr hiene se de romte.

De pleats dy't Tryntsje Sikkema by it spoar sette litten hat is biwenne troch Jakop van der Goot, Feike de Haan, Ruurd Bergsma en nou troch Hosper.

Neist „Graalda” hat yndertiid in pleats stien, dy't biwenne west hat troch Willem Jentsjes van Nes, Korn. Hjerres Hooghjemster, Auke Jetses en Stienstra. Doe't dy der wenne is de pleats ôfbrând en net wer opboud.

„Graalda” wie ynearsten in heare-buorkerij en waerd biwenne troch Pieter Boltsjes, notaris; Wybe de Haan birêd-de foar him de buorkery. Ek arbeide Sjoerd Visser, koster yn de tsjerke dêr wol. Letter hawwe der wenne Ype Bly-stra, Grietsen Kastelein, doe Kaastra en nou de beide soannen fan him, Wietse en Marten.

Ek noch al in forname pleats wie dy fan Gerben Jelles. Letter hawwe dêr noch wenne Auke Jelles, Teake Nijdam, Ketrynes Jaarsma en nou van der Iest.

De buorkerij dy't nou yn gebrûk is fan Halbertsma, hat earst biwenne west troch Jelle Jelles; Jelle Tienstra die it wurk foar him.

